

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Kramer Underwerp: leefberens - soarchsprieding húsdokters
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>De Friesland Zorgverzekeraar (DFZ) hat in fisy ûntwikkele oer de skaalgrutte fan de Fryske húsdokterspraktiken.(1) Yn it fisydokumint 'Visie Huisartsen 2020' wol DFZ ta op gruttere praktiken mei likernôch 10.000 pasjinten. Der soene dan benammen op it plattelân in beheind tal húsdokterslokaasjes oerbliuwe yn de regionale kearndoarpen.</p> <p>Men giet der fan út dat mei in (foar soarchwurkers oantrekliker) grutte praktyk mei ferfanging jûns en yn de wykeinen + de nedige praktykstypjende ferpleechkundigen en assistinten it yn Fryslân aanst mei folle minder praktyklokaasjes ta kin mei in hegere kwaliteit fan soarch. Ut it perspektyf fan de pasjint wei binne der lykwols ek soargen oer de skaalfergrutting: langere reistiid, mear anonimiteit en minder binning mei de fertroude lokale húsdokter en ferlies fan leefberens foar doarpen en wiken.</p> <p>De FNP hat ferskate kearen fragen steld oer de Sionsberg (2), de húsdokters (3) en yn 2018 ek noch in slagge moasje yntsjinne (4) dat it Kolleezje mear war dwaan moast foar de soarchsprieding (it doetiidske resultaat 19 fan it Koälysjeakkoart 2015-2019). Uteinlik hat it Kolleezje in subsydzjeregeling optúgd foar it ferbouwen fan húsdokterspraktiken (rint goed) (5) en in kampanje mei DFZ om nije húsdokters en partners te winnen foar Fryslân (rint noch net stoarm, inkelde lytse sukseskes). Yn it Koälysjeakkoart 2019-2023 hat de nije koälysje ambysjes formulearre oer de soarch yn de paragraaf oer sosjale leefberens (resultaat 30) en Blue Zone (resultaat 31). It ûnderwerp 'soarchsprieding' wurdt ek adressearre yn de 2e Berap 2019, side 39 (Transitiefonds Fysieke Omgeving) en side 42 (Leefomgeving 5,1, punt 5 sosjaal beleid).</p> <p>Yn de 2e Berap stiet ditoangeande: <i>'Aanvullend en in samenwerking met partners worden maatschappelijke vraagstukken in het sociaal domein en in de zorg (bijvoorbeeld langer zelfstandig thuis wonen, spreiding en bereikbaarheid zorgvoorzieningen/bereikbare zorg zoals verwoord in resultaat 19, tekorten arbeidsmarkt, etc.) meegenomen in beleid en in uitvoering. Uitwerkingen van sociaal inclusief beleid komen terug in de resultaten in de andere beleidsprogramma's.'</i></p> <p>Kearnfraach is oft in skaalgrutte fan in húsdokterspost mei 4 artsen en 10.000 pasjinten yn de Fryske situaasje better is of júst net. As wurkplak foar húsdokters moderne-styl, mei it each op de kwaliteit fan de soarch, mar ek mei it each op de sprieding en berikberens foar de pasjinten. Op in oar plak yn de fisy hat DFZ it nammentlik sels oer 'soarch ticht(er) by hûs'.</p>

	<p>(1) https://www.defriesland.nl/zorgaanbieders/visie/visiedocumenten</p> <p>(2) Brief DS 01340311 d.d. 14 sept 2016</p> <p>(3) Brief DS 01457901 d.d. 31 okt 2017</p> <p>(4) PS 27 juny 2018 moasje soarchsprieding Kadernota 2019</p> <p>(5) Brief DS 01680342 d.d. 18 july 2019</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Wat is de fisy fan it Kolleezje op de 'Visie Huisartsen 2020' fan De Friesland Zorgverzekeraar? 2. Hoe sjogge jo dit yn relaasje ta de besteande provinsjale ynspanningen en belied op it mêd fan leefberens, soarchsprieding, behâld húsdokters en yntegraasje sosjaal belied yn de oare provinsjale beliedsfjilden ? 3. Wolle jo, lykas earder oer de sikehûssoarch mei de Sionsberg, yn petear mei De Friesland, pasjinte-organisaasjes en de húsdokters oer de beskikberens en berikberens fan de húsartsensoarch yn Fryslân?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)
	FNP, Corlienke de Jong

Datum	26 novimber 2019
-------	------------------